

Ve Premiku / Op Wjukken

Kristina Kočan



Oersetting: André Looijenga, Syds Wiersma

oarewurden
||| |

drugebesede
||| |

Co-funded by the
Creative Europe Programme
of the European Union



Ve Premiku / Op Wjukken

Kristina Kočan

Oersetting: André Looijenga, Syds Wiersma

migraasjes

fan de swarte stammen fan waaibeammen
is it giele blêd fertein
hat it him opnij dellein
trekfûgels binne wy
út kriteren út minsken
út ússels wei it paad
is it iennige hinnekommen
is altyd migraasje
is it inkeld in ûnthjit om
werom te kommen, rêdt ús
de ôfreis foar
it ofreizgjen al tusken
sliep en
wekker wêzen
bloei rivieren
ûnder ús
yn de kleur fan blêden
hâldt de dimmene
sinne ús waarm
oantinken oan it gewicht fan
in reidsjonger op 'e hân
of oars in gerskipper

ljippen

dêr yn 'e fierte de see
breed spegeljend ûntwyk
dêr fier fan de dyk
dêr't wy op steane
mêsten op 'e syk nei
fearren de wyn lûkt
nei eilannen amper te sjen
by de dyk flûsterje wy
fersen yn ûnbekende talen
elkoar yn 't ear
dûkelje boppe ús
kustfûgels fan kjeld
fan 't wiete lân it lege gers
hingjend oan moanneskynnachten
fol mei ynsekte-
skachten, trou oan de fêste
reismaten wyn en dea
pranget mei in mystyk skriemen
hiemsikens djipper
no yn 'e dize no op it gers
no yn 'e weagen no
op 'e kalme see
leit hjir fuortby
foar in flechtich sicht
oer it glânzgjend grien
mei it lichem mei de kiel
mei it swarte each
as mei in kompas
wizend op waarmte

Tijger

elk yn de omearming fan gjinien
de lêst yn tonnaazjes de flústering
yn it ear fan gjinien nei it tsjuster
stoarjende eagen yn 'e fierte
it gûnzjen fan frouljus-
stimmen hoe heart
it wetter fan de oseaan blak
is it tsjuster of faaks azuer
it wetter fan de Hudson kâld
de nudle wizend op 'e noard hout
knetterjend mei it hiele gewicht
yn it fjoer deade rein
wurdt snie dan iis dan
bonken bliuwe koartby
wylde kalkoenen
riboskjend de stjerren
earne yn 'e hope dat
it opklearret, dat se oerlibje
noch in winter

Leeuw

te ferlitten it beskûl fan de moarnsmis
fan de readbakstiennen tsjerke it wjerlûd
fan stimmen net te hearren út it koar te besilen
de slikerige see dêr't se juster noch
hjerrings út lutsen foar it jûnsmiel
te oerlibjen âlde wrakken
foardat se einlings útsile mei de stjerren
fan de tropen foar de boech piper skerp
wachtet op de krûderije-eilannen Bengalen
wyld baarnende kaleidoskoop fan doeken fyn
bedwelmet goudsjebloom it flechtich oantinken
oan thús hjir yn it brún fan de Ganges
kaniel fel waarme boarsten koai
mei de liuw iepenset

Medusa

in glinsterjend stikje lân
in breed strân as platina
it is fier nei de see
op bleate fuotten fan de dunen ôf
rûnom is wat wy neame
skientme is frij sweevjend
in kwal beweging dy't pompet
wachtet yn ûndjip wetter
om út te setten mei it tij
om ôf te driuwen mei de stream
wylde trochsichtige dûnseres
ien tsjin de oar en tsjin it wetter
weake stjitsjes
om fier fuort te driuwen
fleachjes rook op 'e wyn
finzenskip sûnder tsjoen
yn in pracht dy't delbêdet
as in bist yn in koai as in flinter
achter glês wat fongen wurdt
yn har hier ferneatiget har
yn de stilte fan de see glûpt se
yn de wjerskyn fan in wolk krabbekrûd
yn teare bloei

Skier

sandalen yn 'e hannen fuotten
jouwe har oer oan dunen yn 't rûn
fleane wetterfûgels oer de wyn
dy't twirjend tinzen út 'e tiis hellet
fleaners opkeart yn 'e loft in pûster
oerraast ús fergetten meldij
hingje wy leafde
in hoart byinoar yn 'e hoksen
tegearre ferlern
eilân as it net in fantoom is
is it in galei dy't de iuwen besylt
nei it suden nei it easten
syn mêsten fjoertuorren
syn gerzen in koeswyk
foar de ofmêde en grimmitige
strânljippen dy't pripkje
de snaffels yn slikerige grun
wêr't it tij iepenleit
it ferhoalen waadlibben dat
se wer from wurde
yn it skiere jûnsljocht